

Nijelan foar ús erfgoed

Beliedsplan 2025-2028



Minsken komme...

...en gear

En litte sa har tsjerke stean

Opgeande, delgeande tiid.

Dat is wat minsken liedt.

Mar dit gebou sil wer in funksje ha.

Kom, til de tsjerke nei de takomst ta.

— Piter Wilkens, 'Libbene Stiennen' (2015)





Foarwurd

Tsjerken, iuwen lang al pronkje se de identiteit fan doarpen en stêden. ‘Libbene stiennen’, sa’t Piter Wilkens dichte yn de liet dat hy foar de Stichting Alde Fryske Tsjerken (fierder de stichting) makke.

De stichting is yn 1970 oprjochte om foar te wêzen dat âlde, monumintale tsjerken fersuterje of ferlern geane. De earste tsjerke (Augsbuert) is yn 1971 oernommen. Yntusken hawwe wy 56 tsjerken yn ús besit en boppedat 7 tsjerkhôven en 2 klokkestuollen.

Us opdracht is fêstlein yn statuten. Wy wolle tsjerken fan belang behâlde en wy wolle in sa grut mooglike belangstelling fan it publyk berikke foar dit bysûndere erfgoed.

De wurdearring foar de tsjerken yn ús provinsje en foar it wurk fan ús stichting is yn de ôfrûne desennia tanommen. Wy binne útgroeid ta in wichtige monumintenorganisaasje.

Fryslân hat sa’n 770 tsjerken. In grut diel dêr fan hat in status as ryksmonumint. It binne skatten fan âldfaars erf. Dêrby giet it om mear as allinnich it gebou, ek it ynterieur fan de Tsjerken heart ta de rykdom. Tink mar oan de bysûndere hearebanken, wandboarden, oargels en preekstuollen.

Fryske tsjerken binne letterlik en figuerlik hichtepunten yn it lânskip en middelpunten fan de doarpsmienskippen en stêden. Se binne fan grutte maatskiplike, kultuerhistoaryske en emosjonele wearde. Dat jout ek de ferplichting om der goed mei om te gean. As besit fan ús allegearre.

Erfgoed fan ús allegearre - sa wurket it as sadanich by ús tsjerken. Se binne fan ús frijwilligers. Fan de besikers. Fan de artysten dy’t der in optreden hawwe. Fan harren publyk. Fan koaren dy’t der in repetysje hawwe. Fan de minsken dy’t der ta rêst en besinning komme wolle. Fan doarpen. Fan stêden. Fan...neam mar op.

Mei al dy aktiviteiten yn dat goed ûnderhâlden erfgoed tsjinje wy belangen dy’t der yn Fryslân ta dogge. Leefberens en mienskip, bygelyks. Of rekreaasje en gastfrijens, om nochris twa te neamen.

Troch ûntsjerklikens, fergrizing en krimp fan de befolking nimt de spankrêft foar de ynstânhâlding fan tsjerken sûnt jierren ôf. Dit resulearret yn fúzjes op it tsjerklik erf. Hieltid mear tsjerken komme leech te stean, krije in oare funksje of kinne net langer mear ûnderhâlden wurde.

Untwikkelingen komme en gean en hawwe ynfloed op it útfieren fan ús opjefte. Dat freget each foar en it gripen fan nije kânsen. Dat kin net sûnder stipe fan de oerheid, fûnsen, stipers en frijwilligers. Sûnder harren support kin de stichting ienfâldichwei har opdracht net ta in goed ein bringe.

Us organisaasje is folop yn beweging. Nij elan foar ús erfgoed! Wy geane de nije beliedsperioade yn mei in nij model foar it bestjoer mei de bedoeling om slachfeardiger wurkje te kinnen. Net mear in algemien en in deistich bestjoer, mar in bestjoer, in advysried en in direksje mei in eigen mandaat. Der binne yn dizze organen ek wer nije minsken bykommen.

Finansjeel sille wy skerper oan 'e wyn; wy hâlde de koers oan dy't wy healwei it jier 2024 ynset hawwe. Wy wolle mear rendemint helje út ús eigen fermogen mei it each op ús statutêre doelen. Wy hawwe de personele organisaasje resint fersterke kinnen en wolle dy fierder fersterkje, yn kwalitatyf en kwantitatyf opsicht. Dit om ús opjefte noch better wier meitsje te kinnen, mar ek om ús organisaasje goed yn 'e pas rinne te litten mei it oantal tsjerken dat wy yn eigendom hawwe.

Graach fertelle wy jo yn dit Beliedsplan 2025-2028 yn haadlinen wat ús ambysjes en beliedsfoarnimmens binne. Wy wolle ús fierder ûntwikkelje, mei behâld fan wat goed is. Wy heakje derby graach yn op belied fan de oerheid, lanlik en regionaal.

Mei-inoar- frijwilligers, donateurs, fûnsen, oerheden, ús stichting - kinne wy derfoar soargje dat de ornaris iuwenâlde tsjerken it hert fan de mienskip bliuwe, lykas it Verdrag van Faro bedoelt. Dragere fan ferhalen en djipfelde identiteiten. Beakens yn it Fryske lânskip.

De sitaten by de foto's tusken de haadstikken (bygelyks de foto fan Kommissaris fan 'e Kening Arno Brok op bledside 16) komme út ús boek 'Alde Tsjerken Nije Lûden' (2023), wêryn fyftich Friezen oer tsjerken prate. Oer ús hjoed-de-dei, ús ferline en oer ús takomst.

Gerben Hoogterp, *bestjoersfoarsitter*

Atze Jan de Vries, *direkteur*





Gearfetting	9
1. Wa binne wy, wat dogge wy	13
2. It winnen fan tsjerken	17
3. Ynstânhâlding	21
4. Duorsumens	29
5. Werbestimming, gebrûk en ferhier	33
6. Kommunikaasje	39
7. Frijwilligers	43
8. Organisaasje	45
9. Kwaliteitssoarch	49
10. Finânsjes	53
As de stiennen prate koene	57
Kolofon	59



“De tsjerken yn Noard-Nederlân binne bjusterbaarlik,
fan sa’n heech nivo. Unike geschiednis op fytsôfstân.”

— Arjen Dijkstra

Gearfetting

Stichting Alde Fryske Tsjerken is in organisaasje yn beweging. Wy wolle ús fierder ûntwikkelje, mei behâld fan wat goed is. Dêrby slute wy oan by belied fan de oerheid, lanlik en regionaal. Tegearre mei ús 300 frijwilligers, ús 4000 donateurs en mei finansjele stipe fan fûnsen en oerheden sille wy noed stean foar de faaks iuwenâlde tsjerken. Wy wolle it tsjerkegebou brûke as it hert fan de ‘mienskip’ en dêrmei it bliuwend gebrûk ek yn de takomst boargje en wis meitsje.

De stichting Alde Fryske Tsjerken bestiet sûnt 1970 en hat anno 2024 56 tsjerken yn eigendom, 2 tsjerkhôven en 2 klokkestuollen. Us organisaasje is yntusken útgroeid ta in ekspertizesintrum foar Frysk religieus erfgoed. Dy posysje wolle wy fierder útbouwe troch as in profesjonele organisaasje goed noed te stean foar ús erfgoed en de publike belangstelling foar ús tsjerken en it brûken derfan fierder tanimme te litten.

Wy sille it tal tsjerken dat wy yn eigendom hawwe fierder útwreidzje, en sille derta ús útgongspunten foar oername fan tsjerken neier oanskerpe. Ek stribje wy nei ferbettering fan de tagonklikens fan ús gebouwen foar minderfaliden.

In wichtige taak fan de stichting is it yn stân hâlden fan it religieus erfgoed (ynklusyf tsjerke ynventaris, tsjerkhôven en klokkestuollen), mei each foar duorsumens en wêr mooglik sirkulêr wurkjen. Wy bliuwe noed stean foar it periodyk ûnderhâld en bliuwe ús status as Professionele Organisatie voor Monumentenbehoud(POM) wier meitsjen.

Yn gearwurking mei ús gearwurkingspartners wolle wy nijsgjirrige aktiviteiten foar besikers fan Fryslân ûntwikkelje en it Fryske erfgoed as merk brûke. Wy binne aktyf yn it Platform Fryske Monuminteorganisaasjes en hawwe kontakt mei ús ‘suster stichtingen’ yn Grins, Drinte, Gelderlân en Seelân. Op nasjonaal nivo nimme wy diel oan de Federatie Instandhouding Monumenten.

Us tsjerken wolle wy net allinnich yn stân hâlde, wy wolle se ek safolle mooglik brûke. Dêrta wurkje wy gear mei de frijwilligers yn de pleatslike kommisjes en mei oare kulturele organisaasjes om attraktive aktiviteiten, eksposysjes, rûtes ensfh. te inisjearjen en te realisearjen. Sa bliuwe we wurkjen oan “ it grutste lytse poadium fan Fryslân’ en wy sille ús ferhierbelied profesjonalisearje. Wy fine it wichtich dat ús bern en jongerein de ferhalen fan harren lokale skiednis belibje, en wolle harren yn de kunde komme litte mei it tsjerkegebou as middelpunt fan it doarp en de pleatslike mienskip.

Us plannen betsjutte ek dat wy ûndersykje hoe’t ús organisaasje kwantitatyf en kwalitatyf meigroeie kin. It beëage tanimmen fan tsjerken yn eigendom, restauraasje projekten, kulturele aktiviteiten en erfgoedprojekten noaget ta refleksje op ús organisaasje en takepakketten. Wy wolle as kulturele ANBI-stichting en POM-organisaasje soarchdrage foar in hege kwaliteit fan ús wurk en foar de wize wêrop’t wy ynformaasje diele. Dêrta sille wy ús bedriuwsprosessen profesjonalisearje en de saakkundigens fan ús meiwurkers befoarderje.

Finansjeel sjoen is it belied rjochte op it yn stân hâlden fan ús tsjerken, it restaurearjen en it generearjen fan publike belangstelling. De stichting is net ryk genôch om dy taken langjierrich út eigen middels te bekostigjen. Wy binne finansjeel opsicht sterk ôfhinklik fan bydragen fan oerheidssubsydjes, donaasjes fan fûnsen en partikulieren, skinkingen, erfenissen en legaten. Yn de nije beliedsperioade wurkje wy oan it ferstevigjen fan ús finansjele posysje. Dat wolle wy dwaan troch it útbouwen fan ús donateursbelied, fûnsenwerving en it soarchdragen foar profesjonele finansjele administraasje en ferantwurdling.





“Ik vind dat de kerken hier verwaarloosd worden door de gemeenschap. Terwijl het juweeltjes zijn in het Friese landschap.”

— Natalie Roux



1. Wa binne wy, wat dogge wy

Yn de Fryske mienskip spilet kultureel erfgoed in grutte rol. Dat jildt wis ek foar monumintale tsjerken. Se stean yn it hert fan ús doarpen en stêden. Se dominearje de hoarizon. En dat dogge se faak al ûnfoarstelber lang. Se binne fan de mienskip. Sûnder tsjerken soene wy Fryslân net as Fryslân werkenne.

De tsjerken hearre by ús hjoed-de-dei en by ús ferline. En wy kinne ús gjin takomst foarstelle sûnder dizze karakteristike gebouwen mei har faak sa kenmerkjende tuorren. Us rykdom. Us libben.

Yn 1970 is de stichting oprjochte, mei as misje om tsjerken net ferlern gean te litten. En ek om se foar de mienskip te behâlden. Wy behertigje dermei taken, dy, dêr binne wy fan oertsjûge, in hiel soad minsken wichtich en sympatyk fine.

Yn ús statuten is ús doelstelling yn formele taal opskreaun. It stiet dêr sa:

“De stichting heeft ten doel het herstel en de instandhouding van uit historisch oogpunt belangwekkende gebouwen met aan- en toebehoren in de provincie Fryslân en het wekken van publieke belangstelling voor dergelijke gebouwen, en voorts al het geen met een en ander rechtstreeks of zijdelings verband heeft of daartoe bevorderlijk kan zijn, alles in de ruimste zin”.

Yn ‘e rin fan de tiid dat it printsjen fan dit Beliedsplan yn de twadde helte fan 2024 plak fûn, hawwe wy 56 tsjerken yn eigendom, 7 tsjerkhôven en 2 klokkestuollen. Dat betsjut dat de stichting sûnt har oprjochting gemiddeld ien tsjerke per jier yn eigendom krigen hat. Dêr heart in finansjeel ferhaal by. Dêroer giet haadstik 12. It mei hjir alfêst sein wurde dat de stichting lokkich genôch in hiel soad stipe kriget. Subsydzjes fan oerheden. Jeften. Bydragen fan donateurs (wy hawwe sa’n fjouwertûzen stipers!). Legaten. Sa út en troch sels komplette neilittenskippen.

Oan it haad fan ús stichting stiet in bestjoer. Foar de útfiering fan it wurk hat de stichting personiel yn (betelle) tsjinst. De organisaasje kriget stipe fan hûnderten frijwilligers: minsken dy’t der foar soargje dat de tsjerkegebouwen sa folle mooglik iepen binne en op ferskate wizen brûkt wurde kinne. Trouwens, ek de bestjoersleden binne frijwilligers.

Wy beskôgje ús as in ekspertizesintrum foar religieus erfgoed en wolle dy posysje foar de takomst foar in breed publyk fierder útbouwe. Gearfetsjend wolle wy ús statutêre missy trou bliuwe. In misje dêr't wy midden yn'e maatskippij mei steane. Dat hâldt dus yn dat wy:

- Goed foar ús erfgoed soargjen bliuwe;
- De publike belangstelling foar ús tsjerken - en it brûken derfan - fierder groeie litte wolle.

Fierderop yn de kommende haadstikken wurkje wy dy haadaktiviteiten fierder út.



Ad Vromans, frijwilliger yn de Mariatsjerke yn De Gordyk-Koartsweagen | FOTO MARIEKE BALK

SAFT yn sifers

- 56 tsjerken
- 7 tsjerkhôven
- 2 klokkestuollen
- 300 frijwilligers
- 400 donateurs
- 250 eveneminten





“De Tsjerke is foar my it plâk dêr't ik yn it
hjoeddeiske hektyske libben rêst en krêft
fyn. It is in plak foar besinning, stilte en mystyk.”

— Arno Brok



2. It winnen fan tsjerken

De stichting kin byldbepalende Fryske tsjerken oernimme. Wy brûke dêrby betingsten dy't nedich binne mei it each op belangen fan kontinuïteit: oernames binne mooglik as ús stichting dat finansjeel en organisatoarysk oan kin. Wy wolle ek oare faktoaren mei spylje litte lykas sprieding oer Fryslân en denominaasjes.

Wat sille wy dwaan?

- Wy wreidzje it tal tsjerken dat wy yn eigendom hawwe fierder út.
- Wy ûndersykje in hoe fier 't wy ús útgongspunten foar it oernimmen fan tsjerken aktualisearje moatte.

De stichting stiet iepen foar fierdere groei fan troch har te behearen tsjerken. De mjitte wêr op dat barre sil is ôfhinklik fan wat helber en betelber is. Mei de oernimmings dy't yn 2024 plak fûn ha dan wol op priemmen stean, komme de grinzen yn sicht fan wat de organisaasje yn syn hjoeddeistige grutte oan kin. Us stichting moat op finansjeel en organisatoarysk mêd mei groeie kinne mei it tal tsjerken yn eigendom.

It inisjatyf om te praten oer it oernimmen leit yn prinsipe by de eigener fan 'e tsjerke. Yn in soad gefallen in tsjerklike gemeente. De stichting is sels net aktyf op syk nei tsjerken. Wy hawwe in ynfographic ûntwikkele (sjoch hjirûnder) dy't alle stappen fan in oername helder út leit.

Wy ferwachtsje dat, yn line mei de ôfrûne jierren, ek de kommende jierren tsientallen tsjerkebestjoeren by de stichting oan 'e doar komme foar ynformaasje en advys. Wy binne dêrfoar beskikber.

De stichting hat begjin 2020 de útgongspunten foar it belied yn it oernimmen wiidweidich besprutsen en fêstlein yn it stik *Kerken overnemen een heilige plicht*. Dy útgongspunten foarmje de basis foar it oangean fan petearen oer it oernimmen fan tsjerken.


De útgongspunten foar it oernimmen binne:

- De tsjerke is yn prinsipe in ryksmonumint.
- De tsjerke moat in oantoanber kultuerhistoarysk belang hawwe. De wurdearringskommisje fan ús stichting stelt dêrfoar in kwalifikaasje op.
- Per gefal besjocht de stichting of oername helber is.
- Der moat in mei jou sm wêze fan minimale grutte.
- De finansjele buffer fan de stichting moat grut genôch wêze.
- De organisaasje moat mei groeie kinne as it tal tsjerken yn eigendom heger wurdt.
- Wy sjogge nei de mooglikheden foar it takomstich brûken fan it tsjerkegebou.

Wy sille yn ús tinzen omgean litte of ‘t dy útgongspunten noch foldogge. Oant op’t heden hat ús stichting allinnich protestantske tsjerken yn eigendom krigen, mar dêr binne gjin ‘grifformearde’ godshûzen by. En wy hawwe bygelyks ek gjin katolike, meniste (fermaningen) en lutherske tsjerkegebouwen dy’t karakteristyk binne foar de Fryske skiednis en kultuer.

As wy sjogge nei de geografyske sprieding, is it sa dat de stichting as we in tinkbyldige streep troch Fryslân lûke fan Starum nei de Lauwersmar oan de noardwestlike kant fan dy streep folle mear tsjerken hat dan oan de oare kant fan de streep.

Dêrby komt noch in oar punt. Troch juridyske en technologyske ûntwikkelingen, troch tanimmende regeldruk, troch fraachstikken op it mêd fan klimaat en enerzjy en ek trochdat it muoilikker wurdt om fûnsen te winnen, wurdt ús wurk yngewikkelder.



In skematysk byld fan ús prosedure foar oername fan in tsjerke.



A photograph of a man with glasses and a dark sweater sitting on the wooden steps of a large organ console in a church. The organ is made of dark wood and has a large door with a wood grain pattern. Above the man, there is a white statue of an angel with wings, holding a long staff or trumpet. The background is a green wall with a blue stripe.

“De kerk zal voor mij altijd symbool blijven
voor heden, verleden en toekomst. Een
rots middenin een gemeenschap door
de eeuwen heen.”

— *Wietse Ouwejan*

3. Ynstânhâlding

In wichtige taak fan de stichting is it yn stânhâlden fan it religieus erfgoed (ynklusyf tsjerke ynventaris, tsjerkhôven en klokkestuollen) dat oan ús is tabetroud. Wy kontinuearje it periodyk ûnderhâld. En wy bliuwe de POM-status wier meitsjen.

Tsjerkegebouwen – *Wat sille wy dwaan?*

- Wy bliuwe ús tsjerken goed ûnderhâlden.
- Wy bliuwe attint op wêr 't neist regulier ûnderhâld restauraasjes nedich binne.
- Wy meitsje in plan fan oanpak foar tagonklikens foar minderfaliden.

Wy binne der grutsk op om ús tsjerken goed te ûnderhâlden. Dat is net allinnich nedich omdat it monuminten binne, dêr't wy noed foar stean moatte. It is ek wichtich omdat tsjerken faak yn it hert fan doarpen en stêden steane. Wy wolle dat it der fersoarge en útnûgjend útsjocht.

Wy dogge periodyk ûnderhâld. Foar alle tsjerken ha wy in seisjierrich ûnderhâldsplan, en nei eltse seis jier meitsje wy wer in nij plan. It ûnderhâld fynt op in 'sobere en doelmjittige' wize plak. Wy brûke ynspeksjerapporten fan de Monumentenwacht en periodike ynspeksjes fan ús eigen boukundige om te bepalen hokker ûnderhâld nedich is.

Foar it finansierjen fan it ûnderhâld dogge wy in berop op de 'Subsidieregeling Instandhouding Monumenten' (SIM, in regeling fan de Ryksoerheid), bydragen fan kultuer- en oare fûnsen, partikulieren en, as dat mooglik is, eigen middels.

POM

De stichting is yn 2016 troch de Minister van OCW oanwiisd as Professionele Organisatie voor Monumentenbehoud (POM). In POM hat minimaal tweintich ryksmonuminten en hâldt dy op profesjonele wize yn stân.

De status fan profesjonele organisaasje makket, dat der mear foarrang is by de subsydzje foar ynstânhâlding en de mooglikheid om ien kombinearre subsydzje-oanfraach te dwaan foar meardere objekten. Yn it ramt fan it plan foar ynstânhâlding meie wy de subsydzje op de meast effisjinte wize brûke.

Eltse twa jier bringt de Inspectie Overheidsinformatie en Erfgoed yn byld hoe't POM-organisaasjes har wurk op oarder hawwe. De resultaten stean yn in kleurenmonitor. 'Us' monitor oer 2023-2024 is de meast resinte. De kleurenmonitor lit sjen hoe't de stichting ynfolging jout oan de kritearia fan de Subsidieregeling Instandhouding Monumenten. De kleuren jouwe in byld fan ús prestaasjes. It giet net om in formele beoardieling troch de Inspectie. De rapportaazje is basearre op ynformaasje dy't de stichting jûn hat oan de Inspectie.

As POM konformearje wy ús oan de ûndersteande kritearia:

- By ûnderhâld wurde de rjochtlinen foar útfiering (URL's) fan de stichting ERM ta past.
- Sa folle as mooglik mei sertifisearre bedriuwen gearwurkje.
- Planmjittich ûnderhâld fierder digitalisearje en útwreidzje mei de software fan OPrognose.
- By wizigingen en restauraasjes in bouwhistoaryske opname útfiere litte of as dat nedich is in bouhistoaryske ûntleding.
- It útwreidzjen fan it bouhistoaryske opnimmen fan de tsjerken.
- It jaan fan advys oan treden en oare gearwurkjende partijen.
- Stimulearjen fan oerdracht fan kennis en ynsetten fan learlingen.
- Byhâlden fan kennis troch it folgjen fan seminars, ûntwikkelingen en oerlis mei belanghawwende partijen yn it monumintenfjild.

Oargels, klokken en oerwurken - *Wat sille wy dwaan?*

- Wy stelle plannen foar restauraasje op foar in tal oargels.
- Wy ynventarisearje de situaasje fan ûnderhâld fan oerwurken en klokken en soargje derfoar dat se goed wurkje.

De stichting hat in resint oersjoch fan de kondysje fan al ús oargels. Ek is der in oargeldatabank dêr't de kenmerken, boujier, en spesifikaasjes yn opnommen binne. In protte oargels meitsje diel út fan it ryksmonumint en binne dus in weardefol besit. De earstkommende restauraasje is it oargel fan ús tsjerke yn Westernijtsjerk.

Fan de measte oerwurken en klokken hawwe wy de steat fan ûnderhâld goed yn sicht. Wy sille dat oersjoch kompleet meitsje en wolle op dat punt in ferdjippingsslach meitsje.

Tsjerke ynventaris - *Wat sille wy dwaan?*

- Wy bouwe ús website fierder út mei nij sammele gegevens oer de ynventarissen.
- Wy nimme maatregels om it risiko op skea of stellerij fan ynventarisstikken lytser te meitsjen.
- Wy stelle in algemien reglemint op foar ús pleatslike kommisjes foar behear en it brûken fan de ynventaris.

Net allinnich it tsjerkegebou, ek de ynventaris is in weardefol besit en freget ús soarch. Yn 2021 is it projekt begûn foar it digitalisearjen fan de ynterieurs fan ús tsjerken. De ynformaasje oer de erfgoedynventaris is opnommen yn de nasjonale erfgoeddatabase fan it Catherijneconvent: Kerkcollectie Digitaal. By it oernimmen fan ynventarissen sille ek eventuele nije foarwerpen taheakke wurde oan dizze database. Kerkcollectie Digitaal jout de mooglikheid om mear detaillearre ynformaasje oer de erfgoedynventaris op te slaan en te dielen mei oare erfgoedeksperts en -organisaasjes.

De nije sammele gegevens wurde ek brûkt om ynformaasje en foto's op de website fan de stichting te fernijen. Wy sjogge dêrby ek nei nije mooglikheden foar it digitaal besjen fan tsjerken.

Fierder sil ûndersocht wurde hokker maatregels naam wurde kinne om it risiko op it fernielen en stellerij lytser te meitsjen. Wy wolle de pleatslike kommisjes aktiver stypje by it behear en it 'brûken' fan de ynfentaris.

Restauraasjes fan Bibels - *Wat sille wy dwaan?*

- It winnen fan fûnsen foar restauraasje fan bibels
- Restaurearre bibels werom bringe op de kânsels

Tsjerkhoven - *Wat sille wy dwaan?*

- Wy ûndersykje of en hoe't wy it behear fan tsjerkhôven fierder yn de organisaasje oppakke kinne.
- Wy meitsje in plan om by it behear fan tsjerkhôven mear biodiversiteit ta stân bringe te kinnen.

Op seis fan de sân tsjerkhôven fan de stichting binne der noch begraffenisken. De tsjerkhôven wurde ûnderhâlden troch frijwilligers. Dat is prachtich! Ek op langere termyn wolle wy dat it ûnderhâld troch gean kin. Wy sille yn dit tiidrek besjen wat dêrfoar nedich is. Betingsten binne in sûne finansjele eksploitaasje en in goede organisatoaryske ynbêding.

It behear fan it grien wurdt iderkear wichtiger. Net allinnich om it belang fan in rike biodiversiteit, mar ek mei it each op it belang fan in sa moai mooglik gehiel fan tsjerke en tsjerkhôf.

Biodiversiteit is in wichtige opjefte. De beammen om de tsjerke hinne binne faak in markant elemint en moatte mei soarch ûnderhâlden wurde. Ek op de tsjerkhôven sels kin weardefol grien oanwêzich wêze - dit jout kânsen om ta mear biodiversiteit te kommen.

Derneist binne grêfstiennen, grêfmonuminten en teksten wichtige partsjes fan de kultuerhistoarje fan de omjouwing en fan de routradysje yn it algemien. Ek kinne út wet- en regeljouwing ferplichtings wei komme foar it behear fan ús tsjerkhôven.

Tsjerkhôven dy 't noch as begraafplak brûkt wurde stelle oare easken oan it behear as tsjerkhôven dy 't dy funksje net mear hawwe.

Gearwurking - *wat sille wy dwaan?*

■ Wy ferkenne fierdere gearwurking mei behearders fan grien en read erfgoed

Yn dit haadstik oer ynstânhâlding fan erfgoed moat neamd wurde dat wy oansluten binne by it Fries Erfgoed Collectief (FEC). De doelstelling fan it kollektyf is om mei behâld fan de eigen identiteit fan de ferskate erfgoedorganisaasjes in kollektyf foar gearwurking te foarmjen en om mei-elkoar te stribjen nei it Fryske erfgoed as merk. Mei dizze partijen wolle wy nijsgjirrige aktiviteiten foar besikers fan Fryslân ûntwikkelje.

Us húsfêsting oan de Emmakade yn Ljouwert diele wy mei oare erfgoedorganisaasjes, lykas Steunpunt Monumentenzorg Fryslân en Monumentenwacht.

Derneist binne wy aktyf yn it Platform Fryske Monuminteorganisaasjes en is der kontakt mei ús 'susterstichtingen' yn Grins, Drinte, Gelderlân en Seelân.

Ek binne wy op nasjonaal nivo aktyf yn de FIM, de Federatie Instandhouding Monumenten.



Bert Yedema, eigener fan Orgelmakerij Bakker en Timmenga en kollega Dirk Riedstra oan it wurk | FOTO MARIEKE BALK





De Thomastsjerke yn Ketlik, feestlik fersierd foar in trouwerij.



“Digitale middels kinnen ok helpe bij openstelling. In Ierland sâg ik dat besoekeers 'n firtueel ferhaal te horen kregen at se .n kerk in liepen. Toegelyk kreeg de beheerder 'n sinjaaltsy thûs: d'r is een. Dinke in mooglikheden, dat is de toekomst.”

— Froukje de Jong

4. Duorsumens

Duorsumens is in wichtich tema en giet oer mear as enerzjysunigens. Duorsumens sjocht ek nei it op 'e nij brûken, nei it brûken fan gebouwen en nei de mooglike gefolgen fan klimaatferoaring.

Wat sille wy dwaan?

- Wy meitsje mear jild frij foar enerzjybeheinende maatregels.
- Wy gean fierder mei it plukken fan 'leechhingjend fruit': ledferljochting, siichgatten ôfslute, de kachel op 'e tiid út, doarren ticht dwaan.
- Wy wolle duorsum opwekke enerzjy brûke.
- Wy ferkenne de bedrigings fan ús erfgoed troch klimaatferoaring.
- By ferlinging of fernijing fan pachtkontrakten sille wy net allinnich sjen nei it beheljen fan maksimaal rendemint, mar ek sjen nei duorsum behear fan'e grûn.

De stichting is op syk nei enerzjymaatregels dy't passe en effektyf binne yn ús tsjerken. De ambysje is heech, mar de ferwachtings binne reël. Dêrby hawwe wy each foar spanningsfilden: in temperatuer fan 20 graden is noflik foar besikers fan de tsjerke, mar is bygelyks in ramp foar in monumintaal oargel.

Lykas de aard fan it gebou as it (net frekwinte) gebrûk soargje der foar dat enerzjybesparjende maatregels muoisum of allinnich mei in hiel lange weromfertsjintiid te realisearjen binne. Wêr mooglik wurdt by dit ûnderwerp gearwurke mei erfgoedstichtingen dy't foar krekt sa'n útdaging steane.

Troch foarljochting fertelle wy oan besikers en brûkers fan tsjerken wêrom 't wy beskate karren meitsje. Dêrby kin ek it besef hearre dat yn in monumintale tsjerke in oare binnentemperatuer hearsket, en past, as yn in moderne kantoartún. Wy sille ek yn de nije beliedsperioade foar ferduorsumingsmaatregels gean, sa 't wy dy al earder tapast hawwe, wêrby foar eltse tsjerke jildt dat maatwurk nedich is.

- Dêr wêr mooglik lege temperatuer flierferwaarming LTV
- Cv-tsjetjels ferfange troch hr-tsjetjels
- Oanbringe fan reflektearjende foalje/isolaasje achter radiatoaren
- Oanbringe fan termostatske radiatorknoppen
- Oanbringe fan digitale kloktermostaten mei programmamooglikheden

- Oanbringe fan Nivolair ferwaarmingssysteem
- Ynfraread ferwaarming mei fentilatoaren
- Tapasse fan radiatoaren en konvektoaren mei fentilatoaren
- Tapasse fan liedingisolaasje dêr wêr mooglik
- Dêr wêr mooglik heechweardich isolearre liedingen oanlizze yn de flier.

Wergebrûk - *Wat sille wy dwaan?*

De stichting fiert ûnderhâld en restauraasjes út mei de klam op it wergebrûk fan materialen. Sirkulêr gebrûk fan materialen is al in spearpunt binnen ús stichting. Tink bygelyks oan it opnij brûken fan útkommen stien foar herstel fan mitselwurk, hout foar herstel fan kapkonstruksjes en it tapassen fan brûkt glês en dakpannen.

Dizze wize fan ûnderhâld slút naadleas oan by de tapassing fan de lanlike útfieringsrjochtlinen (URL's). Wy besykje it brûken fan gemyske boumaterialen safolle mooglik foar te kommen.





“Ik fyn it wichtich dat tsjerken it middelpunt fan in doarp bliuwe. Der binne safolle minsken dy’t romte sykje om mei-inoar wat te organisearjen. Jou dy romte.”

— Edou Hamstra



5. Werbestimming, gebrûk en ferhier

Wy wolle ús tsjerken net allinnich yn stân hâlde. Se moatte ek safolle mooglik yn gebrûk wêze. Dat bart op allerhande wizen. Wy bouwe dêrop fierder.

Wat sille wy dwaan?

- Wy sille yn gearwurking mei de pleatslike kommisjes trochsette mei it organisearjen fan aktiviteiten yn de tsjerken foar in sa breed mooglik publyk. Dat dogge wy mei each foar geografyske sprieding oer de hiele provinsje en oer de seizoenen
- Wy bringe twa kear yn it jier in UITagenda út mei aktiviteiten. Wy bliuwe ús digitale UITagenda oan de agenda fan Merk Frylân keppeljen. Al ús aktiviteiten binne no opnommen yn de agenda fan Friesland.nl. Foar it ein fan 2026 sille wy dizze keppeling evalúearje
- Wy sille ûndersykje oft en hoe 't wy ferhier profesjoneler organisearje kinne
- Wy binne yn petear mei de stichting Rembrandt en Saskia op it Bildt oer in mooglike Rembrandt & Saskia-experience yn de Van Harenstsjerke yn Sint Anna. De helberens wurdt fierder ûndersocht
- Yn de kommende beliedsperioade ûntwikkelje wy plannen foar edukaasje op it mêd fan tsjerken en histoarysk erfgoed
- Wy biede staaasjeplakken oan foar ûndersyk.

Wy stribje dernei om ús tsjerken safolle as mooglik brûke te litten. In line mei it Verdrag van Faro. Dat dogge wy op allerhande wizen.

- Yn al ús tsjerken is der in pleatslike kommisje fan frijwilligers. Sy brûke de tsjerken foar allerhande aktiviteiten: konserten, eksposysjes, lêzingen, boekpresintaasjes, besinningsaktiviteiten, sliepplak biede, neam mar op. Yn it ferlingde hjirfan neame wy ús tsjerken wolris 'it grutste lytse poadium fan Fryslân; der is in hiel soad te dwaan. Wy fine it tige wichtich dat al dy aktiviteiten plak fine. Dat draacht by oan de leefberens en de koheezje yn doarpen en op it plattelân. It slút ek oan by provinsjaal belied foar gastfrijens, rekreaasje en toerisme
- Wy ferhiere in oantal tsjerken
- Oare tsjerken hawwe in funksje as doarpshûs

Tsjerkepaad

Eltse simmer docht in oantal fan ús tsjerken graach mei oan Tsjerkepaad, in inisjatyf dat yn de simmertiid likernôch 40.000 minsken de tsjerken yn lûkt. Wy wolle ús partisipaasje yn it Tsjerkepaad fuortsette.

Oargels

Wy kontinuearje it opnimmen fan de oargels yn ús toeristyske, edukative en kulturele aktiviteiten. Wy bliuwe partisipearjen yn it troch Organum Frisicum en Tsjerkepaad organisearre Oargelpaad. Op sneontemiddeis yn de perioade july - septimber stelle tsjerken har oargel beskikber oan oargelisten. Jierliks organisearje wy op Open Monumentendag yn gearwurking mei Organum Frisicum oargelkonserten yn in oantal fan ús tsjerken. Jonge konservatoriumstudinten (ek ynternasjonaal) bespylje dan it oargel.

It 'Ziltepad'

It 'Ziltepad', (it Sâltich paad) in mienskiplik inisjatyf fan de stichting en de stichting Groninger Kerken, is folop yn ûntwikkeling. It giet om kuier- en fytsrûtes lâns de rûge râne fan it Noarden: de Waadkust yn Fryslân, Grinslân en Noard-Hollân. De kommende jierren wurdt it mearjierrenprogramma ta útwreiding fan it 'Ziltepad' lâns de folsleine waadkust fan Noard-Hollân, Fryslân en Grinslân útfierd.

Pylgerje/ Refugio's

Kuierders en fytsers kinne ús fjildbedsjes yn ús sechstjin refugiotsjerken brûke. Dizze bysûndere wize fan oernachtsje, primityf en sûnder ienige foarm fan lúkse, wurdt bot wurdearre. De ferwachting is dat dit besinningstoerisme yn de kommende jierren fierder tanimme sil en dermei ek it gebrûk fan ús refugio's. Wy wolle graach dat mear tsjerken de mooglikheid ta sliepen biede. Dêrby wolle wy in goede sprieding berikke, wêrby wy omtinken jouwe oan de berikberens oangeande fyts- en kuierrûtes.

Beurzen foar toerisme

Us dielname oan toerismebeurzen kontinuearje wy, lykas it Frysk Toerisme Kongres en de Wandel- en Fietsbeurs yn Utert. Wy bliuwe foar brede fersprieding fan ús UIT-aginda soargjen.

Faker iepen

Wy stribje nei in bredere publike iepenstelling fan ús tsjerken. Unbemanne iepenstelling freget dêrby om ekstra maatregels foar it beskermjen fan de tsjerkerynventaris.





Tsjerken as doarpshuzen

Wy steane der foar iepen om tsjerken in rol te jaan as doarpshûs, lykas yn Dedzjum en Blessum.

Ferhier

In oare wize fan brûken fan ús tsjerken is ferhier. By it begjin fan de nije beliedsperioade binne sân fan ús tsjerken ferhierd. Wy ha de ôfrûne jierren ûnderfûn at ferhier in soad ekspertize freget, ekspertize dy't yn ús eigen lytse organisaasje net fanselssprekkend oanwêzich is. Wy moatte en sille ús ferhierbelied profesjonalisearje.

UITaginda

De papieren UITaginda wurdt goed wurdearre en leveret by de impresario hieltyd mear fraach om te brûken fan de tsjerken op. Artysten biede harsels oan foar optredens yn de tsjerken en lêzers fan de aginda wurde harren bewust fan de mooglikheden dy't ús tsjerken biede.

Tsjerketsjinsten, rou en trou

In protte fan ús tsjerken wurde hierd foar tsjerketsjinsten, houliken en rouplechtichheden.

Edukaasje

De stichting fynt it wichtich dat bern en jongerein yn oanrekking komme mei tsjerken. Der is sa'n soad te fertellen oer de gebouwen, it lânskip, doarpen, minsken dy't der wenne hawwe...As bern in moai aventoerke hawwe yn de tsjerkegebouwen, komme se der letter mooglik nochris werom.

Wy wolle dernei ta groeie dat elts jier skoalklassen nei ien as mear fan ús tsjerken ta gean. Om te ûntdekkjen en te learen en om sa fertroud te reitsjen mei it erfgoed en de wearde derfan.

Organisatoarysk is dit noch wol in útdaging. It kin net sûnder ferbining mei it ûnderwiis. Wy sykje dêrby gearwurking mei partijen as Kunstkade, Tresoar, de Fryske Akademy, it Fries Museum, it Network of Religious Heritage, Museumfederatie Fryslân en it Catherijneconvent.

Wy wolle ek in organisaasje wêze dêr't studinten in goede staaazje rinne kinne, sinfol ûndersyk dwaan kinne en opdrachten útfiere dy't nut hawwe.



“Nog nooit heb ik in mijn leven een preek gehoord, maar een kerk heeft iets speciaals. Muziek, zang en andere kunstvormen passen er perfect.”

— Hein Jaap Hilarides



6. Kommúnikaasje

Kommúnikaasje is wichtich yn it wurk fan de stichting. Net allinnich foar de nammebekendens fan de organisaasje en it draachflak foar ús wurk, mar krekt ek foar ús doelstelling; it gebrûk fan de tsjerken. Wy sykje by publikaasjes gearwurking mei oare organisaasjes om it berik fan ús kommúnikaasje sa grut mooglik te meitsjen.

Wat sille wy dwaan?

- Wy wolle de ynhâld fan ús website keppelje oan dy fan oare organisaasjes dy't har rjochtsje op erfgoed, toerisme, rekreaasje en besinning.
- Wy wolle de website fierder ferbetterje. Troch frekwinte aktualisearring, it tafoegjen fan ynformaasje en ôf te stimmen, better yn de site sykje te kinnen, mear 360 graden - filmkes en foto's sjen te litten, en ek troch it de minsken makliker te meitsjen om ús wurk fia de website finansjeel te stypjen.
- Wy sille de tsjerkесiden op de website unifoarm útbouwe mei ynformaasje oer bygelyks it oargel, preekstoel, grêfstiennen.
- Wy wolle ús berik op sosjals as Facebook, Instagram en LinkedIn fergrutsje.
- Yn 2025 bestiet de Stichting 55 jier. Wy sille dit mei bysûndere aktiviteiten fiere. It fertellen fan ferhalen stiet derby sintraal.

Kommúnikaasje is nedich om minsken witte te litten hoe moai ús besit is en hoefolle der yn 'e tsjerken organisearre wurdt. Us stichting kommunisearret op ferskate wizen met ferskate doelgroepen. Wy hawwe ús website. Wy brûke sosjal-mediakanalen, publisearje magazines, parseberjochten, nijsbrieven, UIT-aginda's, flyers, folders en advertinsjes. Wy sette ús tsjerken en dermei it wurk fan ús stichting safolle mooglik yn it ljocht.

Wy bliuwe it Magazine Alde Fryske Tsjerken útjaan, sa't it no stiet twa kear yn it jier. Dit magazine is yn it foarste plak bedoeld foar ús donateurs. Mei in papieren nijsbrief jouwe wy sommige ûnderwerpen ekstra omtinken. En wy bliuwe ekskurzjes organisearjen foar ús stipers en besjogge ek hoe't wy oare minsken derfoar ynteressearje kinne.

De stichting hechtet bot wearde oan it brûken fan de Fryske taal. Sa brûke wy it Frysk yn ús namme (Stichting Alde Fryske Tsjerken), yn ús mailadressen (@frysketsjerken.nl), ús websitenamme (aldefrysketsjerken.nl, yn in protte fan ús e-mails en appkes, by it opnimmen fan de telefoan en yn allerhande ynterne en eksterne oerlizzen en gearkomsten.

Dit beliedsplan is yn it Nederlânsk makke en yn it Frysk oerset.





In gearkomste mei frijwilligers fan Pleatslike Kommissjes fan ús stichting yn de Redbadtsjerke yn Jorwert | FOTO DJÛRA SCHRA



“Als er geen jongeren in de kerken komen
stopt het straks met vrijwilligers. Het is
dus een zaak om te vernieuwen.”

— Annemar Renzema



7. Frijwilligers

It wurk fan de stichting kriget stipe fan hûnderten frijwilligers. Wy wolle de bannen mei dizze minsken waarm hâlde en fierder fersterkje. Wy sykje ek nei wizen om nije frijwilligers oan ús te binen.

Wat sille wy dwaan?

- **Wy begjinne mei it ûntwikkeljen fan frijwilligersbelied, mei de bedoeling om de frijwilligers dy't wy no al hawwe fierder te stypjen en nije frijwilligers foar ús stichting te winnen.**

Allinnich al yn de pleatslike kommisjes fan ús tsjerken binne opteld sa'n trijehûndert by ús registrearre frijwilligers aktyf. Sy krije faak wer help fan oare minsken. It makket yndruk mei hoefolle kreativiteit en enerzjy sy tsjerken 'yn bedriuw' hâlde en op dy wize fan de mienskip wêze litte.

De stichting is ek bliid mei de bydrage fan ferskate minsken dy't sûnder lean meiwurkje op ús kantoar oan de Emmakade 59 yn Ljouwert. Frijwilligers mei in spesifike saakkundichheid meitsje bygelyks it magazine, fersoargje lêzingen, jouwe juridysk advys, dogge wurk yn it argyf.

Yn de mienskip nimt it ferlet fan frijwilligers ta, wylst it tal beskikbere minsken liket ôf te nimmen. Dit kin ek foar ús stichting in grutte útdaging wurde. Want sûnder frijwilligers kin de stichting folle minder dwaan.

Wy wolle frijwilligers belutsen hâlde by de stichting en harren op in noflike wize fasilitearje by har wurksumheden. Positive ûnderfiningen fan frijwilligers kinne helpe om ek wer nije frijwilligers te finen.



“Sûnder de stiftungen [Oude Groninger Kerken en Stichting Alde Fryske Tsjerken] wienen der tsjerken wei wurden.”

— Oebele Vries



8. Organisaasje

In organisaasje dy't kwa grutte, saakkundichheid en profesjonaliteit ta snien is op de taak dy't útfierd wurde moat is fan grut belang. De stichting stiet op dit mêd foar útdagings.

Wat sille wy dwaan?

- **Wy ûndersykje hoe 't ús organisaasje kwantitatyf en kwalitatyf groeie kin om as stichting ek yn de takomst mear tsjerken oernimme en brûke te litten. Dêrby giet it om minskkrêft, saakkundigens, finânsjes en bestjoerskrêft. Dy groei is ek nedich mei it each op de tanimmende wurkdruk.**

Wy sille de nije beliedsperioade yn gean mei in nije governance. Ien bestjoer, yn stee fan in algemien en in deistich bestjoer. Mei in ried fan advys en in direksje mei mandaat oan foech.

De stichting is in bysûndere organisaasjes. Neist it bestjoer binne der op dit stuit tsien betelle meiwurkers (totaal: sawat 6 fte). Krekt sa wichtich, of wichtiger, binne de frijwilligers dy't de tsjerken eksploitearje, spesjale kommisjes foarmje en stypje by bysûndere taken.

De tanimmende wurkdruk en de mooglike oanwinst fan it oantal tsjerken dat wy yn eigendom hawwe freget om refleksje op it nedige oantal meiwurkers, har takepakketten, de wize wêrop de stichting bestjoerd wurdt, it boargjen fan de kennis op de finânsjes en op it tempo fan de ûntwikkeling fan taken.

Bestjoer en direksje

It bestjoer bestiet út de folgjende leden:

- **drs. Gerben Hoogterp | Foarsitter**
- **drs. ir. Hanneke Lens | Ponghâlder**
- **ing. Martin Weerd | Sekretaris**
- **mr. Godelieve Kok**
- **mr. Ebe Veerman**

De ried fan adfys bestiet út de folgjende leden:

- **prof. dr. Sible de Blaauw**
- **dhr. Henk Boersma**
- **mr. Marijke Geertsema**
- **dhr. Gerko Last**
- **drs. Soon Hee Santema**
- **ing. Hans Schaeffer**
- **dhr. Michael Zwartelé**

De direksje wurdt foarme troch:

- **Atze Jan de Vries LLM**





“Stilte en brood zijn de nieuwe behoeften van onze maatschappij. Er is veel verborgen armoede. Wanneer we zorgen dat de kerkdeuren openstaan en mensen er een broodje kunnen eten, brengt dat het gemeenschapsgevoel weer terug. Daarmee verliest de kerk zijn functie als onderdak niet en we voldoen letterlijk aan de Bijbeltekst dat we voor onze minder bedeelde medemens zorgen.”

— Auke Zeldenrust



9. Kwaliteitssoarch

Kwaliteitssoarch is foar de stichting tige wichtich. Wy binne in kulturele ANBI (Algemeen Nut Beogende Instelling). Ek binne wy troch de Minister van Onderwijs, Cultuur en Wetenschap (OCW) oanwiisd as Professionele Organisatie voor Monumentenbehoud (POM). Dizze status stelt hege easken oan de kwaliteit fan ús wurk en oan de wize wêrop wy ynformaasje jouwe.

De Belastingdienst ferplichtet organisaasjes mei in ANBI-status in oantal saken op de website te publisearjen. Dêr foldogge wy graach oan. Hjirûnder stiet in listke mei de fereaske ûnderwerpen. Dizze ynformaasje is op de website te finen:

- a. de namme
- b. RSIN/fiskaal nûmer
- c. de kontaktgegevens
- d. de bestjoersgearstalling mei nammen
- e. it beliedsplan
- f. it beleanningsbelied
- g. de doelstelling
- h. in ferslach fan de útoefene aktiviteiten
- i. in finansjele ferantwurdling
- j. standertformulier ANBI 2021

Op ferplichtings yn it ramt fan de POM-status binne wy yn haadstik 3 yngien.

Wat sille wy dwaan?

- **Wy profesjonalisearje de bedriuwsprosessen.**
- **Wy hâlde it organisaasjehânboek aktueel.**

De saakkundichheid fan de organisaasje moat fan heech nivo bliuwe, aktueel en sa goed as mooglik klear foar takommende ûntjouwing.

De direkteur fiert jierliks in ûntwikkelingspetear mei de meiwurkers en mei-elkoar beslute sy wat de meiwurker yn it rinnende jier dwaan wol om him/har goed te fielen en mei aktuele saakkundigens yn te setten foar de stichting.

De stichting hat in edukaasjebudzjet foar meiwurkers en sil derfoar soargje dat der romte is foar it personiel om der gebrûk fan te meitsjen, sawol foar de persoanlike ûntwikkeling as foar de fakynhâldlike ekspertize.

Organisaasjehânboek

De stichting hat in Organisaasjehânboek. Yn dit hânboek stiet in grut part fan de prosessen beskreaun, ûnder mear op it mêd fan tsjerke oernames en it ûnderhâld fan ús gebouwen. Dit wolle wy fierder profesjonalisearje. It hânboek is ûndergien oan kontinue ûntwikkelingen en sil as dat nedich is jierliks bywurke wurde.

Bedriuwsfiering

De bedriuwsfiering fan de stichting sil de kommende fjouwer jier fierder profesjonalisearre wurde. It op oarder hawwen fan de administraasje, fan de finansjele kontrôle stean derby sintraal.

Digitalisearring argiven

Dêrnjonken sil it op 'e nij strukturearjen fan alle formele stikken en it digitaal beskikber stellen fan dizze stikken foar sawol it buro as ek it bestjoer, realisearre wurde troch it brûken fan de applikaasje iBabs.





“[...] de stilte is hjir alderivichst en de skiednis is fielber.”

— *Wiepkje Hoekstra*



10. Finânsjes

De stichting is net ryk genôch om har kearntaken - tsjerken ûnderhâlde en restaurearje , safolle mooglik publike belangstelling generearje - langjierrich út eigen middels bekostigje te kinnen. De stichting is yn finansjeel opsicht sterk ôfhinklik fan bydragen fan treden.

Wat sille wy dwaan?

- It finansjeel belied is rjochte op it yn stân hâlden fan ús tsjerken mei in tiidhoarizon fan sawat fjirtich jier.
- Ynkomsten wurde wûn út donaasjes fan partikulieren en fûnsen, subsidyzjes, skinkingen, erfenissen en legaten. Dêrnjonken wurdt by it oernimmen fan tsjerkegebouwen mei de oerdragende partij in meijousom oerienkommen, wêrfan it rendemint mei bydraacht oan de doelstellings fan de stichting.
- Wy hawwe resint ús fermogensbelied oanskerpe troch it sykjen fan bettere rendeminten. Wy sille dat fierder útbouwe. Wy wolle sa ynkomsten winne út meardere boarnen.
- De kommende beliedsperioade nimme wy ús donateursbelied foar eagen. It winnen fan stipers is in útdaagjende aktiviteit. Minsken belibje it iderkear mear as in grutte stap om fêste donateur fan in stichting te wurden.
- By subsidyzjes en fûnsen sjogge wy nei mooglike yntegraasje fan jildstreamen foar doelen as erfgoed, kultuer, rekreaasje, besinningstoerisme, duorsumens, it fergrienen, mienskip en frijwilligershelp. Al dy doelen komme yn ús tsjerken by inoar.
- Yn de nije beliedsperioade sille wy ûndersykje oft der njonken it donateur wêzen nije fûnsen winnende modellen fûn wurde kinne om minsken finansjeel belutsen te krijen by de stichting.
- It is ûnderwilens mooglik om fia de website te jaan. Dat sille wy fierder optuge. Wy wolle de minsken helpe om te ûntdekken dat it religieus-kultureel erfgoed ek harren erfgoed is, dêr't sy sels aktyf oan bydrage wolle.
- Wy sille aktyf op syk gean nei fûnsen dy't ús wurk mooglik stypje wolle.
- Wy yntinsivearje en profesjonalisearje de finansjele ferantwurdling by rinnende projekten nei fûnsen en wy meitsje de besteging fan jild goed en deugdlik ynsichtlik.

Der sit in ferhaal fêst oan ús finansjele posysje. Nei de oprjochting yn 1970 hawwe wy oant it jier 2007 tsjerken oernommen sûnder dat dêr in substansjele meijousom by frege is. Dat giet yn totaal om 38 tsjerken. It wie in tiid wêryn it ûnderhâld foar it grutste part betelle wurde koe út subsidyzjes.

De subsidyjestreamen foar ûnderhâld fan tsjerken binne yn mjitte ôfnommen. Sûnt 2008 freegje wy by it oernimmen fan in tsjerke wòl om in substansjele meijousom. Dy kin út jild en/of grûn bestean. Wy wolte it fermogen sa rendearje litte dat wy it ûnderhâld fan dy tsjerken oant yn lingte fan jierren foar in part foar eigen rekken dwaan kinne, oanfoljend op - noch iderkear - oerheidssubsydjes foar ús monuminten.

Troch it oanskerpjen fan ús fermogensbelied wolte wy minder ôfhinklik reitsje fan eksterne jildstreamen. Foar in part sykje wy it dêrby in rendeminten dy't wis binne, foar in part nimme wy mear risiko en mear wy op koerswinsten. Wy litte ús derby advisearje troch in belizzingskommisje, mei dêryn eksterne ekspertize.

Foar 18 fan ús 56 tsjerken is beskikberens fan eigen fermogen foar ûnderhâld en ynstânhâlding yn begjinsel regele - by de hjoeddeistige subsidyjestannen. Foar de oare 38 tsjerken jildt dat dêrfoar noch ûnfoldwaande eigen fermogen opboud is.

It eigen fermogen is ek net tarikkend foar it folslein finansierjen fan ús betelle meiwurkers. Wy binne tige bliid mei de strukturele stipe fan de provinsje Fryslân op dit punt. Donateurs binne en bliuwe in wichtige pylder ûnder it wurk fan de stichting. De stipers soargje mei-inoar foar in stabile ynkomenboarne, dy't it mei mooglik makket om it wurk fan de stichting troch te setten. Se litte boppedat sjen dat der in soad draachflak is foar de doelen fan ús stichting.

Ek skinkingen, legaten en erfenissen binne wichtige ynkomenboarnen.

Baten en lasten meerjarenplan 2025-2028

Baten

Baten voor exploitatie bureau SAFT

Baten uit eigen fondsenwerving

Donaties	109.685	110.000	112.800	115.600	118.500	121.500
Nalatenschappen en legaten	1.396.279	0	100.000	100.000	100.000	100.000
Giften	39.409	35.000	35.900	36.800	37.700	38.600
Diverse baten	11.821	1.500	5.000	5.000	5.000	5.000
totaal Baten Eigen fondsenwerving	1.557.194	146.500	253.700	257.400	261.200	265.100

Inkomsten Eigen bezit

Diverse baten PC's	232.266	215.000	235.000	240.900	246.900	253.100
Grafrechten	15.469	16.000	15.000	15.000	15.000	15.000
totaal Inkomsten Eigen bezit	247.735	231.000	250.000	255.900	261.900	268.100

Budgetsubsidie Provincie Fryslân	301.531	301.500	324.600	324.600	324.600	324.600
Overige baten (begeleidingskosten)	18.870	48.000	25.000	25.000	23.000	19.000
Baten div. projecten i.c.m. derden	60.839	355.000	355.000	355.000	50.000	50.000

Totaal Baten voor exploitatie bureau SAFT

2023	2024	2025	2026	2027	2028
jaarrekening	begroting	begroting	begroting	begroting	begroting
2.186.169	1.082.000	1.208.300	1.217.900	920.700	926.800

Baten voor Instandhouding

Dekking van derden voor projecten	309.271	513.000	579.000	564.000	537.000	405.000
Eigen bijdrage SAFT aan projecten	213.844	342.000	386.000	376.000	358.000	270.000
Giften met bestemming	116.350	50.000	350.000	350.000	350.000	350.000

Totaal Baten voor Instandhouding

639.465	905.000	1.315.000	1.290.000	1.245.000	1.025.000
----------------	----------------	------------------	------------------	------------------	------------------

Totaal van de baten

2.825.634	1.987.000	2.523.300	2.507.900	2.165.700	1.951.800
------------------	------------------	------------------	------------------	------------------	------------------

Lasten

Lasten voor exploitatie bureau SAFT

Lasten instandhouding eigen rekening

Exploitatiekosten eigen rekening	246.115	277.000	265.000	274.400	284.000	293.700
Onderhoud niet-subsidiabel	51.966	56.000	57.000	58.000	59.000	60.000
eigen bijdrage aan projectfinanciering	260.627	280.000	289.822	230.511	238.223	176.643
Totaal lasten instandhouding eigen rekening	558.708	613.000	611.822	562.911	581.223	530.343

Werving van baten

93.340	87.600	100.200	107.900	110.700	113.500
---------------	---------------	----------------	----------------	----------------	----------------

Beheer en administratie

Personeelskosten	409.033	508.500	549.278	596.389	611.277	661.657
Kosten jubileum 2025	31.345	0	25.000	25.000	0	0
overige kosten	150.654	173.500	165.000	168.700	172.500	176.300
Totaal lasten beheer en administratie	591.031	682.000	739.278	790.089	783.777	837.957

Kosten div. projecten i.c.m. derden

87.042	372.000	372.000	372.000	60.000	60.000
---------------	----------------	----------------	----------------	---------------	---------------

Totaal Lasten voor exploitatie bureau SAFT

1.330.121	1.754.600	1.823.300	1.832.900	1.535.700	1.541.800
------------------	------------------	------------------	------------------	------------------	------------------

Lasten voor Instandhouding

Subsidiabel onderhoud SIM	309.271	505.000	525.000	560.000	485.000	495.000
Onderhoud overige projecten	213.844	350.000	440.000	380.000	410.000	180.000

Totaal lasten voor Instandhouding

523.115	855.000	965.000	940.000	895.000	675.000
----------------	----------------	----------------	----------------	----------------	----------------

Totaal van de lasten

1.853.236	2.609.600	2.788.300	2.772.900	2.430.700	2.216.800
------------------	------------------	------------------	------------------	------------------	------------------

Saldo baten en lasten exploitatie en instandhouding

saldo financiële baten en lasten

972.397	-622.600	-265.000	-265.000	-265.000	-265.000
----------------	-----------------	-----------------	-----------------	-----------------	-----------------

Saldo van baten en lasten

569.334	170.000	265.000	265.000	265.000	265.000
----------------	----------------	----------------	----------------	----------------	----------------

Saldo van baten en lasten

1.541.731	-452.600	0	0	0	0
------------------	-----------------	----------	----------	----------	----------

Saldo van baten en lasten

waarvan exploitatie bureau SAFT	856.047	-672.600	-615.000	-615.000	-615.000	-615.000
waarvan Instandhouding	116.350	50.000	350.000	350.000	350.000	350.000
waarvan saldo financiële baten en lasten	569.334	170.000	265.000	265.000	265.000	265.000



"Ik geloof erin dat open kerken de kerken van de toekomst zijn. Er liggen heel veel kansen."

— Gerrit Groeneveld



As de stiennen prate koene...

Libbene stiennen, dêrmei begûn dit beliedsplan. Stel jo ris foar dat de stiennen werklik libje soene, en prate koene. Stiennen fan soms mear as 900 jier âld, stevich op har plak yn ien fan ús tuorren, of in tsjerke. Wat soene se fertelle kinne?

- Doe't dy stiennen doetiids lein waarden, wie de Middelsee (wolris fan heard?) noch oan it ticht slykjen. Dy see, wêr't ús tsjintwurdige Slachte noch in histoaryske konneksje mei hat.
- It wie de tiid fan de krústochten, kin jo dat jo foarstelle?
- Soene de stiennen jo fertelle oer de spektakulêre ûntwikkelings om de Waadsee hinne en de Sudersee yn de 12e en 13e iuw? Hoe hawwe se oars yn al dy iuwen it lânskip feroarjen sjoen? Hokker plante - en bistesoarten hawwe se ferlern gean sjoen?
- De stiennen hawwe heard oer it ûntstean fan wrâldriken, dy 't der soms iuwen west hawwe, mar ek wer teloar giene. Byzantinen, Spanjerts, Frânsen, Britten... Se soene ek it nedige witte oer ús eigen Gouden Iuw
- Hoe hawwe de stiennen Nêderlân ûntstean sjoen? De Fryske taal ûntwikkeljen heard? Wat soene se fertelle kinne oer oerstreamingen (dy terpen lizze der net foar neat) Grutte Pier, earmoed, of de Reformaasje?
- Hoefolle minsken hawwe dy stiennen yn al dy iuwen nei de tsjerken gean sjoen? Wêrom wiene dy gebouwen foar al dy minsken sa lang sa wichtich?
- Stel jo foar dat de stiennen begjinne te fertellen oer de 20ste iuw, mei syn wrâld-oarloggen en Spaanske gryp, en minsken op de moanne en it ûntstean fan ynternet.
- Dy stiennen, dy soene jo in ûnfoarstelber soad leare kinne.



A photograph of a man with a beard, wearing a white t-shirt and blue jeans, carrying a large black backpack. He is walking away from the camera on a gravel path. In the background is a brick church tower with a tiled roof and a large arched window. The sky is overcast.

Kolofon

Redaksje

Bestjoer & direksje fan de Stichting
Alde Fryske Tsjerken

Foarmjouwing

Djûra Schra, Jolanda Gooiker
kommunikaasjemeiwurkers buro
Stichting Alde Fryske Tsjerken

Fryske oersetting

Hieke Joustra, buromeiwurker
Stichting Alde Fryske Tsjerken

Einredaksje

Atze Jan de Vries en Godelieve Kok

Fotografy

Foto foarside: Kees Iepema fan
de Pleatslike Kommisje yn Boksum
| Fotograaf Marieke Balk

Neat út dizze útjefte mei sûnder
foarôfgeande skriftlike tasizzing fan
de útjouwer iepenbier makke wurde
of fermannichfâldige, wêrûnder
begrepen it reprodusearjen troch
middel fan druk, fotokopy of yn
wat digitale, elektroanyske, optyske
of oare foarm.

Fragen of feedback?

Mail oan info@frysketsjerken.nl of
gean nei www.aldefrysketsjerken.nl

Ljouwert, neijier 2024.



info@frysketsjerken.nl

frysketsjerken.nl

058 213 96 66

Postbus 137, 8900 AC Leeuwarden

NL07INGB 0000 7307 89

Incassant-ID: NL56ZZZ410009590000

